

Advysrapport

Tydlike kommisje

Boarging Fryske taal yn de Media

Febrewaris 2013

Foaropwurd

It Frysk hat yn Nederlân in bysûndere posysje:

It Frysk is neist it Nederlânsk yn nasjonale en ynternasjonale wet- en regeljouwing erkend as offisjele taal yn Fryslân.

De ferantwurdlikheid foar it yn stân hâlden en befoarderjen fan de Fryske taal en kultuer leit likegoed by it Ryk as by de provinsje Fryslân.

Dêroer binne yn de bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer neiere ôfspraken makke.

Yn it bestjoersakkoart Ryk – provinsjes binne ôfspraken makke oer desintraalisaasje fan taken en foegen fan it Ryk op it mêd fan de Fryske taal.

De bysûndere posysje fan it Frysk leit ek te'n grûnslach oan de opdracht fan de Tydlike Kommisje boarging Fryske taal yn de Media.

De Tydlike Kommisje hat de folgjende trije sintrale eleminten yn syn advys formulearre:

- de bysûndere posysje fan de Fryske taal moat ek fertaald wurde nei in bysûnder belied oangeande Frysktalich publyk media-oanbod;
- der moat in folweardich programma-oanbod yn de Fryske taal wêze, dat op deistige basis beskikber is op ferskate platfoarms;
- der moat in regiodekkende stjoerder wêze foar de Frysktalige programmearring.

De kommisje hat mei in soad plezier syn wurksumheden ferrjochte en is dêrby in protte tank ferskuldige oan de sekretaris, frou Welschen, foar har ynset.

R.J. Hoekstra, foarsitter

Febrewaris 2013

Ynlieding

Op 23 maaie 2012 hat de Minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip yn oerienstimming mei de Minister fan Binnenlânske Saken en Keninkryksrelaasjes en it Kolleezje fan Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân in Tydlike Kommisje ynsteld mei de opdracht om advys út te bringen oer it boargjen fan de Fryske taal yn de media by de yntegraasje fan de lanlike en regionale omrop. De Kommisje waard foarsitten troch de hear R.J. Hoekstra en bestie dêrneist út de leden frou I. Brakman en de hear B. Groenendijk. It sekretariaat wie yn hannen fan frou S. Welschen. Yn de perioade augustus 2012 - jannewaris 2013 is de Kommisje fiif kear gearkommen. De Kommisje hat op 2 oktober 2012 ek in wurkbesite ôflein oan Omrop Fryslân. Dêrneist hawwe de foarsitter en de sekretaris yndividuele petearen fierd om de ûnderskate oanbelangjende partijen (Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân, de amtlike fertsjintwurdiging fan de Ministearjes fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip en Binnenlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, de direksje fan de Stichting Regionale Omroep Overleg en Samenwerking (ROOS), en in saakkundige fan it Instituut voor Informatierecht (IvIR)). Ta beslút hat de Kommisje desk research dien nei relevante dokuminten. Op basis fan dy ûnderskate aktiviteiten is dit advysrapport ta stân kommen.

Kontekstuele kaders dêr't de Kommisje syn advys binnen útbringt

Yn de taljochting op it ynstellingsbeslút fan de Kommisje ¹ wurdt koart en klear útlein binnen hokker kaders de opdracht fan de Kommisje opfette wurde moat. Sa't yn de taakopdracht omskreaun stiet advisearret de Kommisje oer it *boargjen fan de ferdrachsôfspraken Fryske taal yn de media by de yntegraasje fan de lanlike en regionale omrop*. De ôfbeakening dy't dêryn jûn wurdt, hat it útgongspunt west foar de oanpak fan de Kommisje.

Yn 't foarste plak hat de Kommisje him taspitst op de ferplichtings oangeande de Fryske taal yn de media dy't folgje út de troch Nederlân ûndertekene Europeeske ferdraggen, yn it bysûnder it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden (it Hânfêst) en it Kaderferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden fan de Ried fan Europa (it Kaderferdrach). Op de ôfspraken dy't út dy ferdraggen folgje wurdt hjirûnder neier yngien. De Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) tusken Ryk en de provinsje Fryslân, dêr't de jildende ferdrachsôfspraken yn opnommen binne, foarmet ek ûnderdiel fan dat kader.

Yn it twadde plak hat de Kommisje him rjochte op de rol fan *publike omroptsjinsten* by it boargjen fan de Fryske taal. Dêrta is besletten út it eachpunt fan de taakomskriuwing en de taakopdracht fan de Kommisje. De yntegraasje fan lanlike en regionale (publike) omrop sa't dy foarsjoen wurdt, is yn de advysopdracht mei klam neamd as de beliedsmjittige kontekst wêryn't de Kommisje frege is te advisearjen. Dêrneist kin ferwiisd wurde nei oare arguminten dy't de klam op publike omroptsjinsten stypje. Publike radio en televyzje spylje út har taakopdracht wei by útstek in rol yn de befoarderding fan in minderheidstaal yn de media.

¹ Beslút fan de minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip fan 23 maaie 2012, nû. MLB/380.800, dat de ynstelling fan de Tydlike Kommisje boarging Fryske taal yn de media

Ynternasjonale stúdzjes wize út dat publike omroptsjinsten essinsjeel binne yn it 'dragen' fan minderheidstalen.² Boppedat is binnen de kaders fan it Nederlânske mediabelied primêr in rol weilein foar aktyf, stimulearjend belied oangeande de publike omroptsjinsten, en is dat net of folle minder oan de oarder foar skreaune media of kommersjele omroptsjinsten. Dat lit neffens de Kommisje oant no ta ûnferoare dat de skreaune media en kommersjele omroptsjinsten in weardefolle rol spylje by it boargjen fan de Fryske taal. De Kommisje wiist derop dat benammen de skreaune media yn it Fryske medialânskip in wichtich plak ynnimme.

It foarnommen yntegraasje proses tusken lanlike en regionale publike omroppen - dêr't yn paragraaf 4 wat djipper op yngien wurdt - foarmet in wichtich gegeven tsjin de eftergrûn wêrfan't de Kommisje dit advys útbringt. Dêrneist binne de plande oerheveling fan it budzjet foar regionale omroppen fan it provinsjefûns nei it Ryk en de besunigings op it budzjet foar de regionale publike omroppen - lykas oankundige yn it Regearakkoart fan it Kabinet Rutte II (29 oktober 2012) - in relevant gegeven yn de kontekst fan dit rapport.

It rapport is as folget opboud. Yn de earste paragraaf wurdt koart stilstien by de posysje fan it Frysk as twadde rykstaal. Yn de paragrafen 2 en 3 stean de Europeeske ferdrachsôfspraken en de nasjonale bestjoersôfspraak oangeande it boargjen fan it Frysk yn de media sintraal. Dêr wurdt it ynternasjonale normative kader foar it beskermjen fan minderheidstalen yn de media besprutsen. Yn paragraaf 4 wurdt koart yngien op aktuele politike en beliedsmjittige ûntjouwings op it mêd fan de regionale omroppen yn Nederlân. Yn de slotparagraaf, paragraaf 5, wurdt it advys fan de Kommisje útienset.

§ 1. Posysje fan it Frysk as offisjele rykstaal

As offisjele rykstaal is it Frysk neist it Nederlânsk yn de provinsje Fryslân in bestjoers-, rjochts-, ûnderwiis-, kultuer- en omgongstaal. De provinsje wurdt binnen Nederlân erkend as ienige twatalige provinsje. Yn it iepenbiere libben yn Fryslân nimt it Frysk in dúdlik plak yn. Foar it funksjonearjen fan de Fryske mienskip oan 'e iene kant en foar it behâld fan de Fryske taal oan 'e oare kant is it neffens de Provinsjale Steaten fan Fryslân fan grut belang dat boargers yn Fryslân neist it Nederlânsk oer foldwaande kennis fan it Frysk beskikke om diel útmeitsje te kinnen fan de Fryske mienskip.³ De Fryske taal nimt as offisjele twadde taal in aparte posysje yn neffens oare regionale talen yn Nederlân. Fanwege dy posysje jilde foar it Frysk sawol ynternasjonale ferdrachsferplichtingen as nasjonale bestjoerlike ôfspraken.

De ynset fan it algemiene ryksbelied oangeande de Fryske taal is dat it Frysk as offisjele taal yn de provinsje Fryslân in gelikense posysje hawwe moat as it Nederlânsk.⁴ Fertaald nei it terrein fan de media soe dat gelikensensbegjinsel ymplisearje dat it Frysk as minderheidstaal yn de media yn de provinsje Fryslân gelyk wêze moatte soe oan it Nederlânsk

Media spylje in essinsjele rol yn it behâld en de befoardering fan minderheidstalen as it Frysk. Tagong ta media-oanbod yn de minderheidstaal is fan belang foar de befoardering fan de sosjale,

² Sjoch û.o. it rapport 'Minority-Language Related Broadcasting and Legislation in the OSCE', 2003, p.18.

³ 'Frysk yn it ûnderwiis: mear romte, rezjy en rekkenskip foar de provinsje Fryslân', Rapport fan de Stjoergroep desintraalisaasje Fryske taal fan it Ryk nei de provinsje Fryslân, 2010, p. 19.

⁴ Sjoch ûnder oare de gearfetting Wetsfoarstel Gebrûk Fryske Taal, 12-02-2012

ekonomyske, kulturele en politike partisipaasje fan sprekkers fan dy taal. Media-oanbod yn de minderheidstaal spilet dêrneist in grutte rol yn de ûntjouwing en it behâld fan kulturele en lingüistyske identiteiten. Aktyf, libben gebrûk fan in taal yn it iepenbiere en privee libben is essinsjeel foar it behâld en fuortbestean dêrfan. Omdat mediagebrûk hjoed-de-dei sawat 40% ynnimt fan de deistige frijetidsbesteging⁵, is it plak dat de minderheidstaal op mediaplatforms ynnimt fan krúsjaal belang.

§ 2. Ynternasjonale ferdrachsôfspraken oer it boargjen fan minderheidstalen

It algemien belied oangeande minderheidstalen - wêrûnder belied oangeande de tagong ta de media - moat beskôge wurde binnen in ynternasjonaal normatyf kader. Dêryn giet it yn 't foarste plak om fûnemintele rjochten as it non-diskriminaasje begjinsel, frijheid fan mieningsutering en kommunikaasje en it rjocht op lykwaardige tagong ta de media. Dêrneist hawwe persoanen dy't ta in minderheid hearre it rjocht op it behâld en de ûntjouwing fan har identiteiten, ynklusyf troch it brûken fan har taal, yn en troch omroptsjinsten. Fan belang is ek de noarm om ferskaat te befoarderjen en it pluralisme yn de mienskip te wjerspegeljen.⁶ Der bestiet in ynternasjonale konsensus oer it belang fan talen en de kultueren dy't oan talen bûn binne.

De meast relevante ynternasjonale juridyske dokuminten op dat mêd binne it Kaderferdrach oangeande it beskermjen fan nasjonale minderheden út 1995 en it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden út 1992 (beide ta stân kommen binnen de Ried fan Europa).

Kaderferdrach oangeande it beskermjen fan nasjonale minderheden

It Kaderferdrach is it meast ferplichtsjende, mar tagelyk ek it meast algemien formulearre dokumint. It ferdrach is troch Nederlân ratifisearre en yngien yn 2005. Nederlân hat by it ûndertekenjen in ferklearing ôflein dat it Ferdrach fan tapassing ferklearre wurdt op (en beheind ta) de Friezen. It Ferdrach ferplichtet lidsteaten om de omstannichheden te garandearjen wêrtroch't Friezen har kultuer en identiteit ta útdrukking bringe kinne, behâlde en ûntwikkelje kinne. Op it mêd fan de media (kêst 9, en yn mindere mjitte kêst 6) sjocht it Ferdrach benammen ta op non-diskriminaasje fan minderheden yn relaasje ta de media, troch fêst te lizzen dat leden fan nasjonale minderheden media yn de eigen taal oprjochtsje meie en tagong hawwe moatte ta in media-oanbod yn de eigen taal.

Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden

De kearn fan it Hânfêst is it beskermjen fan minderheidstalen en it befoarderjen fan it gebrûk. De ûnderlizzende gedachte fan it Hânfêst is dat net allinnich beskerming, mar ek aktive befoarderding fan de minderheidstaal nedich is om dy taal te boargjen, ûnder oare fia de media. De Ried fan Europa leit der de kam op dat aktyf, deistich gebrûk fan in taal essinsjeel is foar it behâld en fuortbestean fan dy taal: 'in taal is allinnich libbensfetber en by steat him te ûntwikkeljen as dy alle dagen aktyf brûkt wurdt.'⁷ Dêrom wurde lidsteaten der troch it Hânfêst ta

⁵ 'Wat Nederlanders doen in hun vrije tijd', SCP, 2005

⁶ 'Minority-language related broadcasting and legislation in the OSCE', OVSE, 2003

⁷ Explanatory Report, Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden, Ried fan Europa, 1992

oanset om it deistich gebrûk fan de taal yn it ûnderwiis, iepenbier bestjoer en ek yn de media te befoarderjen. Dêrneist beklammet de Ried fan Europa dat erkenning fan minderheidstalen bydraacht ta maatskiplik wolwêzen.

Yn 1997 hat Nederlân oanjûn dat it in tal selektarre kâsten fan it Ferdrach (út DIEL III fan it Ferdrach) fan tapassing ferklearje sil op de Fryske taal.⁸ Op it mêd fan de media is kâst 11 it meast relevant. De primêre doelstellings fan dat kâst binne dat de sprekkers fan in minderheidstaal gebrûk meitsje kinne fan radio- en televyzjekanalen, of reguliere útstjoerings yn har eigen taal ta har nimme kinne, fersoarge troch de oerheid of troch partikuliere stjoerders. Sy kinne krantlêze en hawwe tagong ta audiofisuele middels yn in minderheidstaal. De steat wurdt neffens it Hânfêst ferplichte om útstjoerings yn de minderheidstaal te stypjen of om partikuliere stjoerders oan te moedigjen dy tsjinsten te leverjen.

It Hânfêst lit lidsteaten romte om in eigen standert fan beskerming en befoardering te kiezen. De saneamde 'gradated approach'⁹ lit lidsteaten de kar tusken ûnderskate beliedsmatregels foar de fersprieding fan programma's yn de minderheidstaal. Dat lit ûnferoare dat lidsteaten frij binne om it nivo fan beskerming en befoardering dêr't se by ûndertekening fan it Hânfêst foar keazen hawwe, oan te passen. Yn de taljochting op de Nederlânske goedkarring fan it Hânfêst hat Nederlân oanjûn dat dy mooglik aktualisearre wurde soe: 'in fierdere ferbettering fan de posysje fan de Fryske taal yn de takomst moat net op foarhân útsletten wurde.'¹⁰ Nederlân hat Kâst 11 selektyf ûndertekene, nammentlik de kâsten 11.1 a iii, b ii, c ii en f ii, en paragraaf 11.2. Dêr folgje de folgjende ferplichtings út:

Kâst 11 (Media), troch Nederlân ûndertekene kâsten:

Lidsteaten ferplichtsje har derta, foar de brûkers fan de regionale taal of taal fan in minderheid yn gebieten dêr't dy taal praat wurdt, neffens de situaasje fan alle talen, foar safier't de autoriteiten direkt of yndirekt it foech hawwe, foegen besitte of in rol op dat mêd spylje en mei it earbiedigjen fan it begjinsel fan de ûnôfhinklikheid en de autonomy fan de media:

11.1 a. foar safier't radio en televyzje in iepenbiere tsjinst binne:

iii te soargjen foar genôch foarsjenningen mei it doel dat útstjoermachtigen programma's yn de regionale taal of taal fan in minderheid oanbiede;

11. 1 b. ii it regelmjittich útstjoeren fan radioprogramma's yn de regionale taal of taal fan in minderheid oan te moedigjen en/of makliker te meitsjen;

⁸ *The Netherlands: Declaration contained in the instrument of acceptance*, deposited on 2 May 1996, <http://conventions.coe.int>.

⁹ Zie OVSE Rapport 2003 'Minority-language related broadcasting and legislation in the OSCE', p.5.: 'In Article 11, in the gradated approach which typifies the Charter, a number of options for realising broadcasting in regional or minority languages are proposed. With regard to public service broadcasting, for example, parties undertake to ensure the creation of at least one radio station and one television channel in the regional or minority languages; or to encourage and/or facilitate the creation of at least one radio station and one television channel in the regional or minority languages; or to make adequate provision so that broadcasters offer programmes in the regional or minority languages'.

¹⁰ Sjoch ek Taljochting op de goedkarring fan it Hânfêst, Keamerstik 24 092

11.1 c. ii it regelmjittich útstjoeren fan televyzjeprogramma's yn de regionale taal of taal fan in minderheid oan te moedigen en/of makliker te meitsjen;

11.1 f. ii besteande maatregels foar finansjele stipe ek ta te passen op audiofisuele produksjes yn de regionale taal of taal fan in minderheid;

11. 2 De Partijen ferplichtsje har ta it garandearjen fan de frijheid fan rjochtstreekse ûntfangst fan radio- en televyzje-útstjoerings út buorlannen yn in taal dy't yn identike of soartgelikense foarm brûkt wurdt as in regionale taal of taal fan in minderheid en har net te fersetten tsjin it op 'e nij útstjoeren fan radio- en televyzjeprogramma's út buorlannen yn sa'n soarte taal. Fierder ferplichtsje se har derta om derop ta te sjen dat gjin beheiningen oplein wurde sille oan de frijheid fan mieningsutering en it frije ferkear fan ynformaasje yn de skreaune parse yn in taal dy't yn identike of soartgelikense foarm brûkt wurdt as in regionale taal of taal fan in minderheid. It útoefenjen fan boppeneamde frijheden kin, omdat dy plichten en ferantwurdlikheden mei him meibringt, ûnderwurpen wêze oan formaliteiten, betingsten, beheiningen of sanksjes dy't troch de wet foarskreaun binne en needsaaklik binne yn in demokratyske mienskip, yn it belang fan de nasjonale feilichheid, de territoriale yntegriteit of de iepenbiere feilichheid, foar de previnsje fan disoarder of misdriuwen, foar de beskerming fan de folksûnens of de goede seden, foar de beskerming fan de reputaasje of rjochten fan oaren, foar de previnsje fan it bekend meitsjen fan yn fertrouwen ûntfongen ynformaasje, of foar it hanthavenjen fan it gesach en de ûnpartidichheid fan de rjochterlike macht.

It neilibjen fan it Hânfêst wurdt om de trije jier evaluatearre troch in Komitee fan Eksperts fan de Ried fan Europa. It fjirde rapport oangeande it Nederlânske neilibjen fan it Hânfêst waard yn de rintiid fan dizze Kommisje publisearre (19 juny 2012).

Net-binende ynternasjonale rjochtlinen

Neist de juridysk binende ôfspraken dy't folgje út de Nederlânske ûndertekening fan it Kaderferdrach en it Hânfêst bestean op ynternasjonaal nivo net-binende, rjochtingjaande standerts foar it boargjen fan minderheidstalen fia de media. It neamen wurdich dêrby binne benammen de Rjochtlinen fan de Organisaasje foar Feilichheid en Gearwurking yn Europa (OVSE) út 2003 oer it boargjen fan minderheidstalen fia omroptsjinsten. De rjochtlinen binne troch ûnôfhinklike saakkundigen opsteld, mei op basis fan in stúdzje nei 'best practices' op dat mêd yn Europa. Dêr kinne standerts oan ûntliend wurde dêr't oan foldien wurde moatte soe om ek wier prate te kinnen fan boargjen - fan beskerming en befoardering - fan in taal fia de media. De Kommisje hat it relevant achte om dy rjochtlinen yn syn wurk te beheljen.

Beskerming én befoardering

Yn it algemien is it útgongspunt yn it ynternasjonale ynstrumintarium dat it belied net beheind bliuwe moat ta in garânsje fan non-diskriminaasje en beskerming. It ynternasjonale ynstrumintarium beneamt ek in mear posityf, aktyf besef fan de befoardering en de stipe fan minderheidsidentiteiten en minderheidstalen. Yn in ûndersyksrapport út 2002 beskriuwe saakkundigen fan de Europeeske Uny dat as folget:

'the international community has chosen to affirm cultural and linguistic diversity as valuable and thus deserving of *protection* as well as *support*'.¹¹

Yn 2008 is yn opdracht fan it sekretariaat fan de Ried fan Europa in rapport opsteld troch saakkundigen oer de betsjutting en (takomstige) tapassing fan it kêst oer media út it Hânfêst. Dêryn wurdt beklamme dat:

'by ratifying the charter the state party recognizes the regional or minority languages as an expression of cultural wealth; the need for resolute action to promote regional or minority languages in order to safeguard them; and the need to facilitate and/or encourage the use of regional or minority languages, in speech and writing, in public and in private life.'¹²

Spesjaal wurdt de klam lein op de bysûndere rol dy't publike media dêryn spylje, fanwege de publike taakopdracht dy't eksplisyt rjochte is op it behertigjen fan demokratyske, sosjale en kulturele belangen yn in mienskip en it befoarderjen fan pluralisme yn de media.

Ynternasjonale standert: folweardige programmearring en beskikberheid op alle platformen

Yn it boppeneamde rapport fan saakkundigen út 2008 wurdt steld:

'From a needs perspective, a language would always require the support of full and comprehensive media services across all platforms and genres'.¹³ De ynternasjonale noarm giet de kant út fan in folsleine, brede programmearring yn it media-oanbod yn in minderheidstaal, dy't op deistige basis beskikber is.¹⁴ It útgongspunt is dat in publike omroptsjinst yn de minderheidstaal in brede taakopdracht hat dy't oanslút by it ferlet en de smaak fan de ûnderskate leden fan de taalmienskip. De troch Nederlân ûnderskreaune kêsten fan it Hânfêst lizze gjin konkrete ferplichting op oangeande de breedte fan de programmearring. Yn it taljochtsjende rapport fan it Hânfêst wurdt lykwols wol oanjûn dat publike omroptsjinsten yn de regionale taal in brede programmearring hawwe moatte:

'such a mission, which may be performed by a public or private broadcasting body, involves the provision of a broad range of programmes including the consideration of minority tastes and interests'.¹⁵

Ferskaat yn sjenres is fan belang foar de yntergenerasjonele oerdracht en it behâld fan in taal. Yn de rjochtlinen fan de OVSE is dêroer de folgjende standert opnommen:

¹¹ 'Support for Minority Languages in Europe', Report by the European Centre for Minority Issues and the European Bureau for Lesser Used Languages, 2002

¹² The European Charter for Regional or Minority Languages and the Media', Regional or Minority Languages Report No. 6, Council of Europe, 2008.

¹³ Ibid., p 17.

¹⁴ Ibid., p 11: 'This would include all types of media - newspaper, radio, television, Internet and other new platforms such as those provided by mobile communication techniques. It also means that different media genres, from youth programmes and popular culture, to news and documentary programmes, should be offered to the speakers of the language on a daily basis'.

¹⁵ The European Charter for Regional or Minority Languages and the Media, Explanatory Report, Section 110

'state policy should support public service broadcasting which provides a wide and balanced range of informational, educational, cultural and entertainment programming of high quality.'¹⁶

Ek yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (sjoch side 8) wurdt praat oer in folslein en alsidich oanbod.

De tagong ta media-oanbod yn minderheidstalen kin garandearre wurde troch it tawizen fan frekwinsjes, it oprjochtsjen en stypjen fan omroporganisaasjes en it takennen fan plakken yn útstjoerskema's. Yn it ynternasjonale ynstrumintarium is omtinken foar it plak dat programmearring yn minderheidstalen ynnimt yn útstjoerskema's. Omdat it Hânfêst as doel hat it deistich gebrûk fan in taal te stimulearjen, is it fan belang dat programmearring beskikber is op mominten dy't oanslute op it mediagebrûk fan leden fan de taalmienskip. Dêrmei wurdt 'betsjuttingsfolle tagong' ta it media-oanbod mooglik makke.

Dêrneist wurdt troch saakkundigen it belang fan in oanbod op alle platfoarms beklamme.¹⁷ Ûnderskate mediaplatoarms drage op ferskate wizen by oan it befoarderjen fan in minderheidstaal, wêrby't skreaune media bygelyks fan krúsjaal belang binne foar it befoarderjen fan it skrift. Promoasje fan de minderheidstaal fia televyzje is fan belang is it giet om de impact fan it medium televyzje en it jaan fan in 'gesicht' oan de taalmienskip. In minderheidstaal kin allinnich doelmjittich beskerme en befoardere wurde as dy ek oanwêzich is op nije digitale platfoarms. Ynternasjonale eksperts wize yn dat ferbân op it belang fan 'funksjonele folsleinens'¹⁸ foar in sterke posysje fan in minderheidstaal yn de media.¹⁹ Brûkers fan in taal moatte oanbod yn har taal fine kinne op alle soarten platfoarms. It media-oanbod yn de minderheidstaal moat meigean mei aktuele ûntjouwings yn it medialânskip, lykas kommersialisearring en digitalisearring. Kommerisearring foarmet in ekstra útdaging foar media yn minderheidstalen, fanwege de lytse merk dy't se betsjinje.²⁰ Boppedat easket it publyk mear en feroaret it mediagebrûk. Media yn minderheidstalen sille it ôflizze tsjin mearderheidstalige media as sy net meigean yn feroarjend mediagebrûk en digitalisearring. Brûkers sille dan op nije platfoarms hieltyd ôfhinkliker wurde fan lanlike of ynternasjonale media.

¹⁶ Rjochtlinen fan de Organisaasje foar Feilichheid en Gearwurking yn Europa (OVSE) út 2003 oer it boargjen fan minderheidstalen fia omroptsjinsten

¹⁷ The European Charter for Regional or Minority Languages and the Media, Regional or Minority Languages Report No. 6, Council of Europe, 2008, p 11.

¹⁸ Professor Moring, University of Helsinki, Functional Completeness in Minority Language Broadcasting (2007)

¹⁹ Dêrby moat opmurken wurde dat by it realisearjen fan in breed berik fan media-oanbod yn de minderheidstaal oare mediatsjinsten -lykas de skreaune parse- in grutte rol spylje.

²⁰ The European Charter for Regional or Minority Languages and the Media, Regional or Minority Languages Report No. 6, Council of Europe, 2008, p 13.

Effective equality: effektive gelikensens tusken mearderheids- en minderheidstalen

In wichtich útgongspunt yn it ynternasjonale ynstrumintarium foar de beskerming fan nasjonale minderheden is dat fan 'effective equality'. Lid 2, kêst 4, Seksje II fan it Kaderferdrach giet sa:

The Parties undertake to adopt, where necessary, adequate measures in order to promote, in all areas of economic, social, political and cultural life, full and effective equality between persons belonging to a national minority and those belonging to the majority. In this respect, they shall take due account of the specific conditions of the persons belonging to national minorities.

Fertaald nei it terrein fan de media moatte persoanen dy't hearre ta nasjonale minderheden 'effektive' gelikensens hawwe oangeande it gebrûk fan har taal yn de media. Dat kin yn it ferlingde sjoen wurde fan it begjinsel fan gelikensens op nasjonaal nivo. Foar it realisearjen fan dy effektive gelikensens binne meastentiids spesjale, konkrete maatregels nedich. Sa hawwe útstjoerders yn minderheidstalen yn relatyf lytse mienskippen nei alle gedachten ekstra finansjele middels nedich, dy't net yn ferhâlding stean ta de grutte fan de mienskip (Rjochtline 16 fan de OVSE, 2003). Effektive gelikensens kin dan ek sjoen wurde as in legitimaasjegrûnslach foar differinsjearre belied foar media yn in minderheidstaal.

§ 3. Ôfspraken oer de Fryske taal en kultuer op nasjonaal nivo

Op nasjonaal nivo is de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (4 july 1989) fan belang. Yn dy bestjoersôfspraak is it nasjonale belied foar de Fryske taal fêstlein tusken it Ryk en de provinsje Fryslân.²¹ Neffens de Memoarje fan Taljochting by de goedkarring fan it Hânfêst (1994-1995) hat de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer liedend west by de kar fan de kêsten út it Hânfêst dy't troch Nederlân ûndertekenje wurde moasten. Yn de bestjoersôfspraken dy't dêrop folgen binne de kêsten út it Hânfêst dy't bekrêftige binne, as útgongspunt nommen. Dêrneist binne in tal mear konkrete aksjepunten formulearre, dy't hjirûnder werjûn binne. De ambysjes binne taspitst op de praktyk dêr't Omrop Fryslân de rol yn ferfollet fan de regionale publike omroptsjinst.

Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2001-2011, ûnderdiel Media, ambysjes oant 2004²²:

5.1. It Ryk befoarderet dat Omrop Fryslân TV op basis fan it Frysk as twadde rykstaal, foldwaande middels hat om in folsleine en alsidige programmearring te realisearjen.

Ynspanning: Ryk.

5.2. Programma's fan Omrop Fryslân komme yn de beneaming foar stipe út sintrale fûnsen op it mêd fan omropproduksjes lykas it Stimuleringsfonds Nederlandse Culturele Omroepproducties. Dat is ûnder mear yn it karbrief fan it Stimulearringsfûns fêstlein.

Ynspanning: Ryk.

5.3. Frysktalige televyzje-dramaproduksjes komme yn de beneaming foar subsydzjes út it Stimuleringsfonds Nederlandse Culturele Omroepproducties.

Ynspanning: Ryk.

²¹ Yn 2001 is de tredde BFTK opsteld foar de perioade 2001-2010, dy't yn 2010 mei in jier ferlingd is oant 2011.

²² Opnij befêstige en ferlingd oant 2010 yn 2005

5.4. Yn de gearstalling fan bestjoeren fan organen, ynsteld op grûn fan de Mediawet en yn de bestjoeren fan fûnsen op it mêd fan omroppsproduksjes, is saakkundichheid op it mêd fan de Fryske taal en kultuer garandearre. Yn foarkommende gefallen kin eksterne ekspertize op it mêd fan de Fryske taal ynskeakele wurde

Ynspanning: Ryk.

5.5. Op basis fan it Frysk as twadde rykstaal binne der foldwaande middels om in sa folslein en alsidich mooglik aanbod fan Frysktalige skreaune media te realisearjen.

Ynspanning: Ryk/provinsje.

5.6. Foar skoaltelevyzje yn de basisfoarming binne der 37 oeren televyzjeprogramma's yn de Fryske taal, dy't de Nederlandse Omroepprogramma Stichting (NOS) fersoarget en dy't útstjoerd wurde op it lanlike net. Dy útstjoerings, dy't mooglik makke wurde binnen it taakprofyl en budzjet fan de NOS, wurde beoardiele mei it yn acht nimmen fan de útgongspunten fan it publike omropbestel.

Ynspanning: Ryk.

Yn it Útfieringskonvenant fan 2005 is de bestjoersôfspraak opnij befêstige en op in tal punten oanpast. De hjoeddeistige bestjoersôfspraak hat in rintiid fan 2001-2010, mar is ferlingd oant en mei 2011. Op dit stuit wurdt in nije Bestjoersôfspraak taret foar de perioade 2013-2018.

§ 4. Regionale publike omroppsinsten: aktuele politike ûntjouwings

Nederlân hat in wiidfertakke aanbod fan regionale omroppen, wêrby't alle provinsjes sûnt 1988 op syn minst ien selsstannige, regionaal fêstige publike omrop hat.²³ Yn de hjoeddeistige situaasje leit it budzjet foar de regionale omroppen op it nivo fan de provinsjes (it Provinsjefûns). Provinsjes drage sûnt 2005 de 'soarchplicht' foar it fuortbestean fan de regionale omroppen en leverje út it Provinsjefûns de finansiering.²⁴ It Ryk draacht de stelselantwurdlikheid foar it mediabelied yn algemiene sin. Yn de lanlike Mediawet lizze de rjochten en ferplichtings fan de regionale omroppen besletten. It hjoeddeistige kabinet sil wizigings yn de taakferdieling trochfiere.²⁵ De foarnimmens dy't folge út it Regearakkoart fan it kabinet Rutte II (29 oktober 2012) binne yn 't foarste plak in oerheveling fan it budzjet foar de finansiering fan regionale omroppen fan it Provinsjefûns nei de Ryksmediabegrutting. De ynset is om dy maatregel yn 2014 yngean te litten. Yn 2016 wurdt dêrneist in efficiencytaakstelling oan de regionale omroppen oplein fan € 25 miljoen. Yn de ûndersteande sitaten út de brief fan Staatssekretaris Dekker fan OCW wurde dy foarnimmens neier taljochte.

²³ Beliedsbrieff Regionale Omrop, Ministearje fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip, 2009.

²⁴ Kêst 2.170, lid 1 fan de Mediawet regelet dat de provinsje in soarchplicht hat oangeande de bekostiging fan op syn minst ien regionale omrop yn de provinsje, op sa'n wize dat kwalitatyf heechwaardige programmearring realisearre wurde kin en de kontinuïteit fan de bekostiging garandearre is (lid 1 a).

²⁵ Dizze Kommisje is mei syn wurk begûn ûnder it kabinet Rutte I, wêrby't al sprake wie fan foarnommen beliedswizigings oangeande de regionale omroppen. Dy foarnimmens ferskilden lykwols op in tal punten fan dy fan it hjoeddeistige kabinet. Yn de taljochting op it ynstellingsbeslút fan dizze Kommisje, d.d. 23 maaie 2012, wurde de útgongspunten foar de yntegraasje sa't dy jilden ûnder it kabinet Rutte I sketst. Dêrneist is yn dat ramt de brief fan earder minister Donner oan it Ynterprovinsjaal Oerlis d.d. 12-12-2012 it neamen wurdich. De Kommisje hat derfoar keazen om allinnich de meast aktuele politike en beliedsmjittige kontekst yn dit rapport te sketsen.

Regionale omroppen

Neffens it regearakkoart wurdt mei yngong fan 2014 it budzjet foar de regionale omroppen fan yn totaal € 142 miljoen fan it Provinsjefûns nei it (ryks)mediabudzjet oerhevele. Oer de útwurking fan de sintralisasje fan de ferantwurdlikheid foar de regionale omroppen gean ik yn oerlis mei IPO en it ministearje fan BZK. De Mediawet moat wizige wurde om de finansiering en oanstjoering fan de regionale omroppen troch it Ryk fan 1 jannewaris 2014 ôf te fasilitearjen. De efficiencytaakstelling fan € 25 miljoen krijt syn beslach mei yngong fan 2016.

Útwurking Regearakkoart Rutte II ûnderdiel Media, Ministearje fan OCW, 6 desimber 2012

Dêrneist set it hjoeddeistige kabinet yn op in yntinsivere gearwurking en yntegraasje tusken lanlike en regionale publike omroppen:

Yntegraasje lanlike en regionale omrop

Fan 2014 ôf wurdt de regionale publike omrop troch it Ryk finansiere. Yn ferfolch dêrop wurdt de beëage gearwurking en yntegraasje mei de lanlike publike omrop útwurke. Ik doch dat yn de mande mei de meast belutsen partijen. By de útwurking fan de yntegraasje benut ik de eardere ferkenning nei gearwurking tusken ROOS en de NPO. Ik behelje dêr ek de earder yntsjinne moasjes en tasizing yn. De yntegraasje makket fierder ûnderdiel út fan de bredere ferkenning nei de takomst fan de publike omrop.

Trouwens fan hjoed ôf kinne de regionale en de lanlike publike omrop al nauwer gearwurkje (dielen fasiliteiten, fersterkjen programmearring). Ik sjoch dat as oanset foar de yntegraasje op termyn en dêrom bin ik dêr bliid mei.

Útwurking Regearakkoart Rutte II ûnderdiel Media, Ministearje fan OCW, 6 desimber 2012

Yn de perioade foarôfgeand oan de wurksomheden fan dizze Kommisje hawwe de oanbelangjende partijen yn it fjild -de lanlike publike omrop en Stichting ROOS, it represintatyf orgaan fan de 13 regionale omroppen- ferkenninge petearen fierd en de yntegraasje op in tal ûnderdielen neier útwurke. De yntegraasje fan lanlike en regionale publike omroppen ferget in wiziging fan de Mediawet, dy't yn de hjoeddeistige kabinetsperioade taret wurde sil.

§ 5. Advys

Út it ynternasjonale juridyske kader en út it net-binende normative kader folget neffens de Kommisje dat mediatsjinsten yn it Frysk in bysûndere posysje ynnimme, en ek konform dy bysûndere posysje benadere wurde moatte yn it mediabelied. De Kommisje beklammet dêrby dat alle Frysktalige media-oanbieders (publike en kommersjele omroptsjinsten, skreaune media) relevant binne foar it boargjen fan de Fryske taal yn de media.²⁶

²⁶ De Tydlike Kommisje Ynnovaasje en Takomst Parse (Kommisje Brinkman) hat yn 2009 omtinken frege foar de situaasje yn de regionale deiblêdsektor en suggerearre dat fruchtbere gearwurking tusken ûnderskate oanbieders op regionaal nivo stimulearre wurde kinne soe.

Yn dizze slotparagraaf wurde de sintrale eleminten fan it advys fan dizze Kommisje útienset. Dat binne:

- de bysûndere posysje fan de Fryske taal moat ek fertaald wurde nei in bysûnder belied oangeande Frysktalich publyk media-oanbod;
- der moat in folweardich programma-oanbod yn de Fryske taal wêze, dat op deistige basis beskikber is op ferskate platfoarms;
- der moat in regiodekkende stjoerder wêze foar de Frysktalige programmearring.

Yn it ûndersteande wurde de lêste twa punten neier taljochte. Dêrneist wurdt yn de lêste paragraaf oanjûn út hokker gedachtegong wei dat belied ûnderboud wurde kin en wurdt in earste oanset dien foar de konkrete útwurking dêrfan.

Folweardich, selsstannich en breed media-oanbod yn it Frysk op alle platfoarms

Op it mêd fan publike omroptsjinsten ymplisearret it begjinsel fan gelikensens tusken it Frysk en it Nederlânsk yn de provinsje Fryslân nei it oardiel fan de Kommisje dat der in folweardich programmapakket yn it Frysk beskikber wêze moat. De Kommisje nimt it stânpunt yn dat los fan de organisaasje dy't dat realisearje moatte soe, de oerheid de beskikberheid fan in folweardich pakket boargje moat. It leit yn de reden dat de hjoeddeistige regionale publike omrop dêr in sintrale rol yn ferfollet. Yn de hjoeddeistige situaasje wurdt foarsjoen yn sa'n folweardich programma-oanbod. Yn de kontekst fan de oankundige yntegraasje tusken lanlike en regionale publike omroppen soe de bysûndere rol foar de Frysktalige publike omrop ûnderkend wurde moatte.

Mochten de regionale publike omroppen yn de takomstige situaasje in oanfoljende posysje krije neffens de lanlike publike omrop, dan moat der rekken mei holden wurde dat foar de provinsje Fryslân ôfwikend belied nedich is.

Yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (2001-2011) leit de doelstelling fan in brede, folweardige taakopdracht al wol besletten. Yn de Bestjoersôfspraak is ommers ôfpraat dat de regionale publike omrop yn Fryslân 'oer foldwaande middels beskikt om in alsidige en folsleine programmearring te realisearjen'.²⁷ It begryp 'alsidige en folsleine programmearring' hat neffens de Kommisje twa diminsjes.

Oan de iene kant tsjut dat op in breed programmatysk pakket mei in rom ferskaat oan sjenres en content. Nijs en eftergrûnynformaasje nimme in sintraal plak yn, mar ek oare sjenres drage by oan it boargjen fan de taal fia de media. Lykas yn de ynlidende paragrafen bepraat, is ferskaat oan sjenres fan belang om te soargjen dat it Frysktalich media-oanbod oantreklik is foar ûnderskate publyks- en leeftidsgroepen. In wichtige rjochtline foar dat ferskaat oan sjenres is de besteande noarm foar Ynformaasje, Kultuer en Edukaasje (de 'ICE - noarm'),²⁸ dy't opleit dat it programma-oanbod fan regionale omroppen in lykwichtige balâns is tusken programma's fan ynformative, edukative en kulturele aard. De ICE - noarm soe ek yn in oanpast mediabestel op Frysktalich media-oanbod fan tapassing bliuwe moatte.

²⁷ Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2001-2010

²⁸ Mediawet, kêst 2.70, lid a giet sa: 'it programma-oanbod (fan de regionale en lokale publike omroppen) bestiet per programmakanaal foar op syn minst 50% fan de tiid út oanbod fan ynformative, kulturele en edukative aard, dat yn it bysûnder giet oer de provinsje (resp. gemeente) dêr't it oanbod foar ornearre is'.

Wêr't de ICE - noarm tasjocht op it lykwicht tusken ûnderskate sjenres, seit dy neffens de Kommisje ûnfoldwaande oer de winsk oangeande de breedte fan it programmapakket. Dat lykwicht kin ommers ek oanwêzich wêze yn in oanbod fan ien oere televyzje de moanne. Om wier bydrage te kinnen oan it boargjen fan de Fryske taal moat it Frysktalich media-oanbod yn 't foarste plak genôch substânsje hawwe en boppedat in sa grut mooglik berik yn de Fryske mienskip. It ferskaat oan sjenres en de brede programmearring moatte dus ta útdrukking komme yn it deistich oanbod fan televyzje en radio.

De twadde diminsje is de oanwêzichheid en sichtberheid fan de minderheidstaal op alle relevante platfoarms. Folsleinens en alsidichheid slaan ek op de wize en it plak wêrop't it media-oanbod oanbean wurdt. Yn it rapport 'Kracht in de Regio' fan de Kommisje Rutte (2008) wurdt advisearre dat 'it fierder ûntwikkeljen fan in crossmediale benadering foar de regionale omrop in essinsjeel betingst is foar it behâld fan in folweardige posysje yn it medialânskip en yn it publike bestel'.²⁹ Neffens de Kommisje telt dat argumint ek foar Frysktalige omroptsjinsten, fanwege it boppeneamde belang fan in breed berik yn de Fryske mienskip.³⁰ Yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2001-2011 is ôfpraat dat 'Ryk en provinsje befoarderje dat it Frysk ek yn de nije media in passend plak krijt.'³¹ De Kommisje ûnderskriuwt dat punt.

Behâld fan in eigen regionaal distribúsjekanaal

De Kommisje pleitet foar it behâld fan in werkenber eigen kanaal foar it boargjen fan de Fryske taal yn de media. Foar de parktyske útwurking fan de folweardige en folsleine taakopdracht, en foar de werkenberheid fan de programmearring, is in eigen distribúsjekanaal yn de provinsje Fryslân tige winsklik. Op in eigen kanaal kin it ferskaat oan sjenres syn gerak krije en kin it oanbod optimaal ôfstimd wurde op it deistich mediagebrûk fan Frysktaligen. De Kommisje beklammet dat út it Frysktalich oanbod blike moat dat it giet om in goede ferankering yn de Fryske mienskip. Sa kin goed oansletten wurden by it ferlet en de ynteresses fan leden fan de Fryske taalmeenskip. Dêrmei kin it bêste útfiering jûn wurde oan de ynset fan it Hânfêst om it deistich gebrûk fan de taal ek fia de media te stimulearjen.

Legitimearring fan differinsjearre belied en in earste oanset dêrta

De gedachte fan it Hânfêst en fan oare ynternasjonale standerts op dit mêd is dat it boargjen fan minderheidstalen in spesifyk, aktyf en befoarderjend belied ferget. Út de gedachte wei fan 'effektive gelikensens' (lykas fêstlein yn it Kaderferdrach, kêst 4) en ek it begjinsel fan gelikensens tusken it Frysk en it Nederlânsk as offisjele rykstalen yn de provinsje Fryslân, is de Kommisje fan miening dat spesifyk belied om de Fryske taal yn de media te boargjen, legitimearre en winsklik is.

²⁹ 'Kracht in de Regio', Advys fan de Kommisje Kwalitatyf Heechweardige Programmearring fan publike regionale omroppen', 2008

³⁰ Hjirby merkt de Kommisje wol op dat it fan belang is dat dy ûntjouwing net te'n koste gean mei fan de crossmediale ûntjouwing fan Frysktalige skreaune media.

³¹ Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2001-2011

Yn de hjoeddeistige Mediawet (kêst 2.70) is fêstlein dat regionale publike omroppen yn in folslein programma-oanbod foarsjen moatte. Mocht dat yn it ramt fan in feroaring fan de Mediawet feroarje, dan soe in foarsjenning yn de nije Mediawet opnommen wurde moatte wêryn't in folweardich Frysktalich media-oanbod garandearre wurdt.

Yn it twadde plak tsjinnet him it fraachstik oan fan de finansiering fan dy brede taakopdracht foar Frysktalige publike omroptsjinsten. As ferdrachspartij fan it Europeesk Hânfêst hat Nederlân him derta ferplichte om 'te soargjen foar foldwaande foarsjenningen mei it doel dat útstjoermachtigen programma's yn de regionale taal of taal fan in minderheid oanbiede' (kêst 11.1. a iii). Dat wurdt op ferdrachsnivo net konkreet ynfolle, mar it hat bliken dien dat it wol in punt fan omtinken is yn de rapportaazjes fan it Komitee fan Eksperts fan de Ried fan Europa. De Ried fan Europa is fan miening dat in minderheidstaal altyd yn in posysje fan efterstân is neffens de mearderheidstaal. De Kommisje beheint him derta te beklamjen dat de boppe beskreaune folweardige en brede taakopdracht yndied in reden is foar in struktureel differinsjearre finansiering. Dat liedt ta in ôfsûnderlike oanpak by it fêststellen fan it needsaaklike budzjet.

Referinsjelist brûkte literatuer:

Wichtichste dokuminten:

- Beslút fan de Minister fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip, fan 23 maaie 2012, nû. MLB/380.800, ynhâldend de ynstelling fan de Tydlike Kommissje boarging Fryske Taal yn de Media, http://wetten.overheid.nl/BWBR0031605/geldigheidsdatum_10-01-2013
- Wetsfoarstel Gebrûk Fryske Taal 12-02-2012: <http://www.rijksoverheid.nl/documenten-en-publicaties/kamerstukken/2011/02/12/samenvatting-wetsvoorstel-gebruik-friese-taal.html>
- Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2001-2011: <http://www.rijksoverheid.nl/documenten-en-publicaties/convenanten/2001/06/06/bestuursafpraak-friese-taal-en-cultuur.html>
- Útfieringskonvenant Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer, 2005; <https://zoek.officielebekendmakingen.nl/stcrt-2005-58-p12-SC69393.html>
- Kaderferdrach oangeande it beskermjen fan nasjonale minderheden, Straatsboarch, 01-02-1995 http://wetten.overheid.nl/BWBV0001714/geldigheidsdatum_16-02-2011
- Europeesk Hânfêst foar Regionale Talen of Talen fan Minderheden, Straatsboarch, 05-11-1992 http://wetten.overheid.nl/BWBV0001223/geldigheidsdatum_22-02-2012
- *The Netherlands: 'Declaration contained in the instrument of acceptance'*, deposited on 2 May 1996, <http://conventions.coe.int>.
- Explanatory Report to the European Charter for Regional or Minority Languages, <http://conventions.coe.int/Treaty/EN/Reports/Html/148.htm>
- Goedkarring fan it op 5 novimber 1992 yn Straatsboarch oerienkommen Hânfêst foar streektaal of talen fan minderheden, Keamerstik 24 092. <https://zoek.officielebekendmakingen.nl/kst-24092-A.html>
- European Charter for Regional or Minority Languages, Application of the Charter in the Netherlands, 4th Monitoring Cycle, 19 juny 2002. http://www.coe.int/t/dg4/education/minlang/Report/EvaluationReports/NetherlandsECRM_L4_EN.pdf
- Guidelines on the use of minority languages in the broadcast media, OCSE, 2003; <http://www.osce.org/hcnm/32310>

Oare dokuminten:

- 'Frysk yn it ûnderwiis: mear romte, rezjy en rekkenskip foar de provinsje Fryslân', Rapport fan de Stjoergroep desintralisaasje Fryske taal fan it Ryk nei de provinsje Fryslân, 2010, <http://www.rijksoverheid.nl/documenten-en-publicaties/rapporten/2011/03/10/rapport-fries-in-het-onderwijs.html>
- Regearakkoart 'Bruggen Slaan', Kabinet Rutte II, 29-10-2012, <http://www.rijksoverheid.nl/documenten-en-publicaties/rapporten/2012/10/29/regeerakkoord.html>
- 'Wat Nederlanders doen in hun vrije tijd', SCP, 2005 http://www.scp.nl/Organisatie/Onderzoeksgroepen/Tijd_Media_Cultuur/Tijdsbesteding/Hoe_lang_en_hoe_vaak/Vrije_tijd/Wat_Nederlanders_doen_in_hun_vrije_tijd

- 'The European Charter for Regional or Minority Languages and the media', Regional or Minority Languages, Report No.6., T. Moring en R. Dunbar, Council of Europe Publishing, 2008.
- 'Minority-Language Related Broadcasting and Legislation in the OSCE', OSCE 2003, <http://www.osce.org/hcnm/13602>
- 'Support for Minority Languages in Europe', Report by the European Centre for Minority Issues and the European Bureau for Lesser Used Languages, 2002; http://ec.europa.eu/languages/documents/eu-policy-to-protect-and-promote-regional-and-minority-languages-support-report_en.pdf
- 'Functional Completeness in Minority Language Broadcasting', Moring, T. 2007; <http://nordicom.statsbiblioteket.dk/ncom/en/publications/functional-completeness-in-minority-language-mediaie62d4130-7fd5-11dd-9cd0-000ea68e967bj.html>
- 'Útwurking Regearakkoart Rutte II ûnderdiel Media', Keamerbrief fan de Steatssekretaris fan OCW, 06-12-12; <http://www.rijksoverheid.nl/documenten-en-publicaties/kamerstukken/2012/12/06/uitwerking-regeerakkoord-rutte-ii-onderdeel-media.html>
- Beliedsbrieff Regionale Omrop, Ministearje fan ûnderwiis, Kultuer en Wittenskip, MLB/M/161777 2009. Keamerstikken II, 2009-2010, 3123 VIII, nû. 17.
- "De Volgende Editie", Advysrapport fan de Tydlike Kommisje Ynnovaasje en Takomst Parse, 2009; <http://www.commissiebrinkman.nl/>
- 'Kracht in de Regio': Advys fan de Kommisje kwalitatyf heechwaardige programmearring fan publike regionale omroppen (2008); <http://www.roosrtv.nl/downloads/Kracht%20in%20de%20Regio.pdf>

Ynstellingsbeslút Tydlike kommisje garandearjen Fryske taal yn 'e media

Beslút fan de Minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip fan 23 mei 2012, nr. MLB/393.056, dat it ynstellen fan de Tydlike kommisje garandearjen Fryske Taal yn 'e media ynhâldt

De Minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, hanneljend yn oerienstimming mei de Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes en it kolleezje fan Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân,

Mei achtslaan fan kêst 2, earste lid, fan de Wet fergoedingen advyskolleezjes en kommisjes;

Beslút:

Kêst 1 Begrypsbepalingen

Yn dit beslút wurdt ferstien ûnder:

- a. *minister respektivelik de Minister fan OCW*: de Minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip;
- b. *de Minister fan BZK*: de Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes;
- c. *kommisje*: de kommisje neamd yn kêst 2;
- d. *ferdrachsôfspraken*: de ôfspraken lykas fêstlein yn kêst 11 fan it Europeesk Hânfest foar regionale talen of talen fan minderheden en yn kêst 6 en 9 fan it Ramtferdrach oangeande it beskermjen fan nasjonale minderheden.

Kêst 2 Ynstelling en taak

1. Der is in Tydlike kommisje garandearjen Fryske taal yn 'e media.
2. De kommisje hat de taak om advys út te bringen oer it garandearjen fan de ferdrachsôfspraken Fryske taal yn 'e media by de yntegraasje fan de lanlike en regionale omrop. Dat advys sil uterlik 1 jannewaris 2013 oan de Ministers fan OCW en BZK útbrocht wurde.

Kêst 3 Doer ynstelling

De kommisje wurdt ynsteld foar de rest fan 2012 mei yngong fan de datum fan it yngean fan dit beslút.

Kêst 4 Ynformaasjeplicht

As derom frege wurdt jout de kommisje oan de minister de ynformaasje dêr't sy ferlet fan hat.

Kêst 5 Leden

1. Ta leden fan de kommisje wurde beneamd:

- a. de hear R.J. Hoekstra, tagelyk foarsitter;
- b. frou I. Brakman;
- c. de hear B. Groenendijk.

2. De kommisje wurdt bystien troch in skriuwer. De skriuwer is gjin lid fan de kommisje.
3. De beneaming jildt salang't de kommisje bestiet.
4. As in lid tuskentiids ôfgiet, kin de Minister fan OCW – yn oerlis mei de Minister fan BZK en Deputearre Steaten fan Fryslân – in oar lid beneame.

Kêst 6 Wurkwize

1. De kommisje stelt sels de eigen wurkwize fêst.
2. De kommisje kin him, foarsafier't soks foar it útfieren fan syn taak nedich is, troch oare persoanen bystean litte, dêrûnder, eventueel op persoanlike titel, amtlike saakkundigen.

Kêst 7 Einrapport

De kommisje bringt foar 1 jannewaris 2013 syn einrapport oan de minister út.

Kêst 8 Fergoeding

1. De foarsitter en oare leden fan de kommisje, foarsafier't hja net ûnder de útsûndering fan kêst 2, tredde lid, fan de Wet fergoedingen advyskolleezjes en kommisjes falle, krije foar elke gearkomste in fergoeding.
2. De fergoeding foar in gearkomste fan de leden fan de kommisje bedraacht 3% fan it maksimum fan leanskaal 18 fan Taheakke B fan it Beleanningsbeslút Boargerlike Ryksamtners 1984.
3. De fergoeding foar in gearkomste fan de foarsitter fan de kommisje bedraacht 130% fan de hichte fan de fergoeding dy't oan de oare leden fan de kommisje tawiisd is.
4. De foarsitter en de oare leden fan de kommisje krije in fergoeding fan reis- en ferbliuwskosten op grûn fan it Reisbeslút binnenlân en it Reisbeslút bûtenlân.
5. Twa of mear gearkomsten op deselde dei wurde as ien gearkomste oanmurken.

Kêst 9 Kosten fan de kommisje

1. De kosten fan de kommisje komme, foarsafier't dy goedkard binne, op rekken fan de minister. Under kosten wurde yn alle gefallen ferstien:
 1. De kosten foar gearkomsten en foar sekretariële stipe;
 2. de kosten foar it ynskeakeljen fan eksterne saakkundichheid en it útfiere litten fan ûndersyk, en
 3. de kosten foar it opstellen fan de advizen dêr't om frege is.
2. De kommisje biedt, sa gau mooglik nei't er ynsteld is, in begrutting en in plenning oan de minister oan.

Kêst 10 Geheimhâlding

Elkenien dy't yn de aktiviteiten fan de kommisje behelle west hat en dêrby gegevens ta syn foldwaan kriget dêr't er fan wit of dêr't er yn alle ridlikheid fan tinke kin dat se in fertroulik karakter hawwe en foar wa't omreden fan amt, berop of wetlik foarskrift oangeande dy gegevens al in geheimhâldingsplicht jildt, is ta geheimhâlding dêrfan ferplichte, útsein foarsafier't likefolle hokker wetlik foarskrift him ta bekendmaking ferplichtet of de needsaak ta bekendmaking in gefolch is fan it útfieren fan syn taak by dy aktiviteiten.

Kêst 11 Iepenbiermaking

Rapporten, notysjes, ferslaggen en oare produkten dy't troch of út namme fan de kommisje opsteld wurde, wurde net troch de kommisje iepenbier makke, mar inkeld oan de minister útbrocht.

Kêst 12 Argyfstikken

De kommisje draacht sa gau mooglik, nei it ôfsluten fan syn aktiviteiten of, as de omstannichheden dêr oanlieding ta jouwe, safolle earder, de stikken oangeande de aktiviteiten oer oan it argyf fan de direksje Media, Letteren en Biblioteken fan it ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip.

Kêst 13 Yngean

1. Dit beslút giet yn op de dei nei de datum fan de Staatscourant dêr't it yn pleatst wurdt.
2. Dit beslút ferfalt mei yngong fan 1 jannewaris 2013.

Kêst 14 Siteartitel

Dit beslút wurdt oanhelle as Ynstellingsbeslút Tydlike kommisje garandearjen Fryske taal yn 'e Media.

Dit beslút sil, mei de taljochting, yn de Nederlânske en Fryske taal yn de Staatscourant pleatst wurde.

De Minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip,

J.M. van Bijsterveldt-Vliegenthart.